

## Antwurden Tekstbegryp ensfh. A 28 jannewaris 2017

*Bûten it korreksjemodel wurdt alles goed rekkene wat yn 'e hânwurdboeken fan de Fryske Akademy stiet, útsein dy gefallen dat dêr wurden yn foar komme dy't yn 'e lesstof ferkeard rekkene wurde (b.g. 'dik' as oersetting fan Ned. dik, 'lústerje' as oersetting fan Ned. luisteren of 'raam' as oersetting fan Ned. raam). By de ûnderdielen C, D, E en G wurde staveringsflaters ek rekkene, by de oare ûnderdielen net.*

### TEKSTBEGRYP

*A. De fragen moatte yn it Frysk en yn folsleine sinnen beäntwurde wurde. Mei-inoar 20 punten.*

1. De skriuwer fan it artikel wie benaud dat syn kompjûter besmet wie mei in firus, omdat er de Japanske letters yn de mail mar heal fertroude. (2 punten)
2. Hy moast de 'airpost' goed yn 'e gaten hâlde, omdat er in slúf út Japan ferwachtsje koe dy't mei de loftpost ferstjoerd wurde soe. (2 punten)
3. It twadde 'dat' slacht op de Germaanske taal dy't it tichtst by it Frysk stie. (3 punten)
4. Professor Kodama hearde it Frysk foar it earst yn 'e trein. (1 punt)
5. Hy koe sels wol Ingelsk, mar der wie gjin Frysk-Ingelsk wurdboek foarhannen. Dat betsjutte dat er fia in tredde taal/in tredde wurdboek útfine moast wat de Fryske wurden betsjuten en dat koe allinnich mar fia it Nederlânsk. (3 punten)
6. In foarbyld fan in fysike (letterlike) betsjutting fan 'hert' is b.g.: Us pake hat it al jierren oan 't hert (2 punten) en in foarbyld fan in gefoelsmjittige (figuerlike) betsjutting is b.g.: It giet my oan it hert, immen in waarm hert tadrage, it giet net fan herten. (2 punten)
7. Professor Kodama fûn de tiidwurdsfoarmen 'priuwe-preau-preaun' lestich, omdat dêr twa-en trijelûden yn sitte en sokke klanken hat it Japansk net. (2 punten)
8. Kodama wurdt yn dit fragmint oantsjut as professor, taalgelearde en taalwittenskipper. (3 punten)

### TAALEIGEN

*B. Twa punten foar elke goede betsjutting of omskriuwing. Mei-inoar 20 punten.*

1. neat te rêden = neat oan 'e hân, neat mis
2. barde = kaam foar, fûn plak
3. mids = yn 'e midden fan, healwei, medio
4. slúf = kefert, (brieve-)omslach (it Ned. envelop(pe) mei hjir ek goed rekkene wurde)
5. krije = oppakke
6. moeting = treffen, kontakt
7. besocht = die ik myn bêst, spande ik my yn, die ik muoite
8. dreech = slim, lestich, swier
9. benammen = foaral, yn 't bysûnder
10. bygelyks = om in foarbyld te jaan

*C. Twa punten foar elk goed wurd. Mei-inoar 20 punten.*

- |              |                |              |
|--------------|----------------|--------------|
| 1. loftmacht | 5. noed        | 9. behindich |
| 2. tsjuster  | 6. snoad       | 10. weilitte |
| 3. as        | 7. oerstjoer   |              |
| 4. rigel     | 8. trochslokke |              |

*D. Ien punt foar elk goed ferhâldingswurd. Mei-inoar 6 punten.*

1. fan
2. oan, ta
3. fan
4. mei

5. oan

*E. Ien punt foar elk goed wurd. Mei-inoar 6 punten.*

1. oft
2. of
3. As
4. as
5. Oft, of

#### OERSETOPDRACHT

*F. Trije punten foar elke goede sin. Mei-inoar 15 punten.*

1. Krektoarsom, as/wannear't jimme deryn komme, moatte jimme earst de krante meinimme.
2. Der is yn har(ren) fakânsje nammentlik by de buorlju ynbrutsen.
3. Hja/Sy lizze dêr mei har(ren) sânen te sintsjen.
4. Ik wit net mear fan wa't ik myn nij boek krige(n) ha(w).
5. Oars noch wat? frege it aardige famke/fanke yn de winkel dêr't wy yn telâne kommen/komd/kaam wiene(n).

#### YNTERFERINSJES

*G. Ien punt foar elke goede ferbettering. Mei-inoar 15 punten.*

- |                                |  |
|--------------------------------|--|
| 1. uze = ús                    | 3. lytsbern = bernsbern/pake- en         |
| hearlike = hearlik             | beppesizzers                             |
| yn 'e skaad = yn it skaad      | steeds = hieltyd/hyltiten                |
| it bosk = de bosk              | tsjin de wyn yn = yn de wyn op           |
| lâns = oan, by                 | 4. jammergenôch = spitigernôch           |
| 2. helemaal = hielendal        | erch = hiel                              |
| boppe = boppen                 | weinich = in bytsje                      |
| te kinne sjen = sjen te kinnen | (ek goed: erch weinich = in lyts bytsje) |
|                                | 5. tegearre = mei-inoar, meielkoar       |

*Mei-inoar kinne op dit ûnderdiel 102 punten helle wurde. By dit ûnderdiel wurdt útgien fan in noarm fan 60% goed (= 61,2 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.*